

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en amusearje. Dêrmei ferbynt en ferrikt de Omrop elkenien dy't him mei Fryslân ferbûn fielt. Mei in grut deistich berik op radio, telefyzje en online is Omrop Fryslân ek dé mediapartner foar ûndernimmend Fryslân.

Om bedriuwen en organisaasjes nóch better te helpen by it berikken fan harren doelstellingen, siket Omrop Fryslân in:

KOMMERSJEEL MEIWURKER BINNENTSJINST REKLAME (28-32 OEREN WYKS)

De kern fan dizze útdaagjende en ôfwikseljende funksje is it ûnder de oandacht bringen fan de unike posysje fan Omrop Fryslân en it ferskaat oan kampanjemooglikheden dy't wy te bieden hawwe. Do sinjlearrest nije ûntwikkelingen yn de merk en witst dy om te setten yn omsetkânsen. Do leist maklik en op in natuerlike wize kontakt mei in grut ferskaat oan bedriuwen en organisaasjes en witst nije ôfspraken te meitsjen foar de akkountmanagers.

As meiwurker op in ôfdieling dy't ticht by de klanten stiet en kânsen sjocht yn de nijste ûntwikkelings op it mêd fan marketing en media:

- setst merkbewurkingsaksjes op en koördinearrest de útfiering en ôfwikking
- leist telefoansk kontakt mei bedriuwen en organisaasjes foar akwisyse
- advisearrest adverteders telefoansk en skriftlik oer effektive media-ynkeap
- bist ferantwurdlik foar it realisearjen fan kânsrike 'leads' foar akkountmanagers
- makkest analyzen út datasystemen dy'tst ferwurkest ta brûkbere ynformaasje
- sinjlearrest kânsen en trends en witst dy om te setten yn konkrete aksjes
- wurkest oan de posisjonearring fan Omrop Fryslân Reklame
- ûnderhâldst de reklamewebside en social media
- stipest en ferfangst somtiden dyn kollega's fan Planning & Traffic by saken as it produsearjen fan útstjoerlisten en it redigearjen fan reklameblokken
- bist op 'e hichte fan en nijsgjirrich nei ûntwikkelings op it mêd fan (online) marketing
- hast in oantal jierren ûnderfining yn ferkeap en/of marketing yn in kommersjele omjouwing, it leafst yn de mediawrâld
- fynst it leuk en útdaagjend om te wurkjen mei deadlines
- hast in sûne kommersjele ynstelling en bist rjochte op resultaat
- bist in teamspiler dy't graach mei elkoar suksessen fiert
- beskikst oer MBO+/HBO wurk- en tinknivo

As lêste:

- Do krigest in passend lean yn skaal E fan de "cao voor het Omroep personeel" mei in salaris fan op syn minst € 2.105,99 en op syn meast € 2.949,17 smoarch yn 'e moanne by in folsleine oanstelling fan 36 oeren.
- It giet yn earste ynstânsje om in tsjinstferbân foar in jier mei kâns op in fêst kontrakt.
- Dêrneist biede wy goede sekundêre arbeidsbetingsten lykas in ûnkostefergoeding, in fytsplan en is der in protte romte om dysels te ûntwikkeljen.

Is dit dé baan dy'tsto sikest, dan nûgje wy dy fan herte út om te sollisitearjen. Stjoer dyn sollisitaasje foar tongersdei 22 april oankommend nei Fokelina de Boer, adviseur P&O, fia P&O@omropfryslan.nl

Foar mear ynformaasje oer dizze funksje kinst kontakt opnimme mei Jolanda van der Werf, Manager Reklame, tel. 058 2997878.

De telefoanske útnûgingen foar de petearen binne op freed 23 april. De earste petearen binne yn wike 17 op moandei 26 april. De twadde gespreksronde is op freed 30 april.

Dizze fakatuere is yn- en ekstern iepensteld. By lykweardige geskiktheid hawwe de ynterne kandidaten foarrang. In assessment kin diel útmeitsje fan de proseduere. Akwisyse wurdt net op priis steld.